

Redaksjoneel

Dit earste nûmer fan 2019 stiet in artikel yn dat yn omfang alle oare bydragen fier oertreft. It is dêrom achter yn it nûmer pleatst sadat de gedichten, in ferhaal en in essee earst de romte krije dy't se fertsjinje.

OPPEWAL OER *SWALLOWS AND FLOATING HORSES*

It bedoelde artikel, fan de hân fan Teake Oppewal, is in wiidweidige, yngeande, mar tagelyk yn syn ûnderdielen ek kompakte resinsje fan it boek *Swallows and Floating Horses*, in grutte Ingelsktalige blomlêzing fan de Fryske literatuer. It boek is in wichtige útjefte, Oppewal syn artikel is dêrby sawol as resinsje as yntroduksje tige fan belang.

SMINK

It nûmer iepenet mei acht gedichten fan Jacobus Q. Smink. Smink skriuwt op 't heden omraak. It giet yn de gedichten om in persoanlike tematyk dy't er op syn fertroude wize yn eigensinnige, dreaune en direkte poëzy ferwurket.

DICHTERS, YLLUSTRATORS

Fan Nyk de Vries is nei jierren wer in proazagedicht opnommen. Hy hat dat sjenre op 'e nij opnommen en yn elk *Ensafh*-nûmer fan dit jier sil in proazagedicht fan him stean mei alle kearen dêr in yllustraasje fan John Bosma by.

De oare fêste yllustratrise fan *Ensafh*, Margreet de Jong, hat in tekening makke by in gedicht fan Elske Kampen.

Fotograaf Pieter Postma, nij as *Ensafh*-meiwurker, hat in foto levere by in gedicht fan Hidde Boersma. Fan Postma sil dizze jiergong yn elk nûmer nei oanlieding fan in bydrage in foto opnommen wurde.

Yn dit nûmer stean ek twa gedichten fan de Poalske dichteres Ewa Lipska.

FERHAAL EN ESSEE

It lêste *Ensafh*-nûmer fan 2018 wie wijd oan ferheljend proaza en esseeïstyske bydragen. Twa sjenres dy't binnen de Fryske literatuer oanhâldend stimulearre en hoede en noede wurde moatte. *Ensafh* set him dêr foar yn. Yn dit nûmer in ferhaal fan Harmen Hospes en in essee fan Willem Verf.

DRACHTSTER FANGST

Ensafh organisearret alle jierren syn Grutte Gedichtejûn, dêr't dichters har foar opjaan kinne om ien gedicht foar te lêzen. Dizze kear waard de jûn yn Drachten hâlden. It lytse risping fan wat dy jûn nei foaren brocht waard is ûnder it kopke 'Drachtster fangst' yn dit nûmer opnommen.

Ensafh nr. 1, 2019

Ynhâld

Redaksjoneel

Jacobus Q. Smink

*spyt en wat der mear is
en wer
bling bling
altyd
earm omheech
en ja
út op sneon sûnder wurden
mei myn dingen doch ik it wurd*

John Bosma

Myn skip wie ûnder harres

Nyk de Vries

Dora

Harmen Hospes

It jier fan de hynders

Pieter Postma

(Foto)

Hidde Boersma

De sin fan smoken

Ewa Lipska

*earne oars
nimmen*

Margreet de Jong

(Yllustraasje)

Elske Kampen

Rezjym

Willem Verf

Identiteit, taal en weemoed

Drachtster fangst

Carla van der Zwaag

(Tekening)

Carla van der Zwaag
Gearrane

Job Degenaar
Flechtling

Ypie Haitsma- Bakker
De Tynge

Cornelis van der Wal
De leginde fan de hillige Regiswindis ...

Nelleke Lamme-den Boer
wêr litte wy de hûn

Ineke van der Heide
Sabeare

Piter Boersma
wat mei-inoar wie rekket fersille

Teake Oppewal
Swiid panorama oer de iuwen